

Der wie op befrijdingsdei hiel wat de dwaan yn Nijtsjerk

Doarpsbelang Easternijtsjerk organisearre befrijdingsdei in gefariëerd program, dat middeis om twa oere begûn. Jong en âld koene meidwaan oan 'e spultsjes; sjoelen, klaverjassen en mens-erger-je-niet.

Foar 'e beukers wiene der ek spultsjes mei in bal en as twadde in kegelspul. Dit ûnder lieding fan 'e beukerliedsters.

Earder yn 'e wike wie der in biljertkompetysje om kampioenskippen holden, de organisaasje hjir fan wie yn hannen fan it bestjoer fan 'e pleatselike biljertklub.

Jûns wie der in optocht fan it músykkorps en de drumband troch it doarp. Dêrop folge in konsert fan 'e Nijtsjerkster Músykferieniging U.D.I. yn it doarpsûs.

Doe't dat ôfrûn wie, wie der gelegenheit ta it bywenjen fan twa "ien-akters", spile troch de toanielploech "De bûnte Flinders" út eigen doarp. Beide ien-akters handelden oer drokte en alteraarsje dy't fan te foaren om 'e hoeke komt te sjen as men op fekânsje giet. De beide koarte stikjes hiene dan ek as titel: „Op fekânsje” en Hippies yn 'e hûs.

It foel wakker yn 'e smaaak by de Nijtsjerksters dy't de gniis-spielen losmeitsje koene om dizze komyske stikjes.

Dêrnei koe elkenien noch mei de fuotten fan 'e flier mei it muzykgroepke "Duo Nooitgedacht" dy't in moai stikje muzyk weijoegen op accordeon en drumstel.

De útslag fan 'e spultsjes: **beukers - âldste beukers:** 1e priis - Jakob Kingma, 2e priis - Coby Westra; **jongste beukers:** 1e priis - Martine Visser, 2e priis - Renate Dijkstra. **Sjoelen:** 1e priis - kampioen - Thea Kingma, 2e priis - reserve kampioen - Tatjana Wolsink, offalrûnde - Theresa Groenwold. **Mens-erger-je-niet:** 1e priis - kampioen - Sijke Meinsma, 2e priis - reserve kampioen - Aleida Cuperus, offalrûnde: Sandra Weidenaar. **Biljarten:** A-klasse - kampioen - Peet Kuiper, reserve kampioen - Hendrik (Ype) Heeringa; B-klasse - kampioen - Bram Talstra, reserve kampioen - Abe Visser; offalrûnde: 3e

priis - Henkie Bergema, 4e priis - Mintsje Jongeling.

As prizen foar 'e beukers wiene der kado-bonnen, yn te leverjen bij Piet de Boer. Foar it sjoelen, mens-erger-je-niet en it kaarten stelde de ferieniging foar Doarpsbelang bekere beskikber.

Keninginnedei-30 april

Dit leit al wer efkes achter ús, mar dochs hat dizze dei, foaral foar de Nijtsjerkster jongerein in feestlike ôfslútting krigen. Oer 'e dei sels wiene der gjin aktiviteiten "pland" troch doarpsbelang. De jûnes sân oere rûnen sa'n sechstich ferklaaide bern mei âlders ('t meast memmem) achter it músykkorps en drumband oan dy't foar in feestlike omlisting soargen.

As juryleden wiene útnoege Frou Norder út Mitselwier en Frou Collins út Nijewier. It foel harren net ta om út sa'n oantal 6 priiswinners bekend te meitsjen. De prizen binne as folgt út de bus kaam: 1e priis - Dieta Holwerda - as breidsje; 2e priis - Tiny Talstra en Anita Talsma - as elfjes; 3e priis - Siemen Weidenaar - as prins(?); 4e priis - Peter Tolsma - as page; 5e priis - Pieter Visser - as pindakaas-mantsje; 6e priis - Martha Buwalda - as clowntsje. Alle prize by dizze optocht wiene yn 'e foarm fan kado-bonnen.